

Myn eigen tsjerkepaad fan 1949 oant 2019

1. De earste tsjerke dy't ik yn myn libben besocht, wie de Noardertsjerke oan de Grutte Tsjerkestrjitte yn Ljouwert. Yn dy tsjerke bin ik fuortendaliks nei myn berte doopt. Om de tsjerke te berikken moast men earst ûnder in soarte fan poarte troch om op it tsjerketerrein te kommen. Yn dy tsjerke ha ik ek myn jongesjierren trochbrocht. Faak mocht ik by heit yn it bankje foaroan sitte, heit wie diaken. Ik wie grutsk op dat plakje. Dûmny Van Rijn wie ús predikant. Fan koster Van der Kooi waard sein, dat er sa tûk wie, dat er oan it gewicht fan de dûbeltsjes yn syn hân bepale koe, hoefolle jild it wie. Doe't de tsjerke ferkocht waard oan de GKV, ferhuzen wy nei de Eastertsjerke oan it Hoeksterein yn Ljouwert.

2. De Eastertsjerke wie dus myn twadde eigen tsjerke. Doe't ik in jier of tolve, trettjin miskien ek wol fjirtjin wie, waard ik ek in bytsje belutsen by de Kindernevendienst. Sa wichtich yn myn libben, dat ik eins dêrtroch letter yn it ûnderwiis rekke bin. It heucht my noch, dat dûmny Jaap Zijlstra, doedestiids predikant fan, nei't ik mien, Duurswâld / Wijnjeterp op in sneintemiddei om fiif oere, by ús in de Eastertsjerke foargean soe. En... elts mocht graach Jaap Zijlstra hearre. Sadwaande rekke de tsjerke sa fol, sa ôfgrysliek fol, dat it ûnferantwurde waard. Alle banken, mar ek alle stuollen en alle gongpaden rekken beset. Dûmny hat doe foarsteld om om sân oere nochris foar te gean. "Minsken op de stuollen: Gean asjebleafst nei hûs ta, it wurdt hjir te gefaarlik en kom om sân oere mar werom, dan preekje ik dan wol wer." Tusken dy twa tsjinsten yn, hat Jaap Zijlstra by ús thús bôle iten. Ik sjoch him noch by ús op de Twibaksmerk yn de wenkeamer oan de itenstafel sitten. En om't er tocht, dat der fêst yn de twadde tsjinst ek noch wol minsken fan de earste tsjinst komme soene, hat er besletten om de twadde tsjinst in oare preek te hâlden. Geweldich: sa út de holle wei in twadde preek hâlde. Djip respekt!.

3. Doe't ik it alderlik hûs ferliet en yn Menaam kaam te wenjen, wie de Grifformearde Tsjerke yn Dronryp myn tredde tsjerke. In gewoane doarpstsjerke, mar ... mei in hiel leave dûmny. Dûmny Boelo Oldenhuis. In leave man mei in leave frou en leave lytse bern. Myn belidenislearn wie by him en by my thús. Belidenis ha ik yn Dronryp dien. Ik tink mei leafde oan dy tiid werom.

4. Myn fjirde tsjerke waard de Grifformearde tsjerke yn Boksum. Yn dy tsjerke bin ik troud. En dêrtroch sjoch ik it tsjerkje noch gauris. Net omdat it tsjerkje der noch is, want it is gjin tsjerke mear, mar om't er op al ús troufoto's stiet. Dêr krigen we de tekst mei: " Want Ik, de Here uw God, grijp uw rechterhand vast die tot u zeg: Vreest niet, Ik

help u. Jesaja 41:13.

5. Us fyfde tsjerke wie de tsjerke fan Surhústerfean, no neamd De Flambou. Dêr binne ús bern doopt, dêr mocht ik diaken en âlderling wêze. It tsjerkegebou en de minsken: in boarne fan ynspiraasje!! En dat oant hjoed-de-dei ta. Doe mei predikanten as ds Dijkstra en ds Hielema, ds Goris en ds Kuhlemeyer. En ek hjoed-de-dei mei ik der noch graach komme by wolkomstsjinsten ensfh. In tsjerke fol mei muzyk!

6. Doe't wy jierren letter nei Sigerswâld ferhuzen, kamen we yn 'e tsjerke fan De Wylp telâne. It wie bot wennen, fan grut nei lyts. In sobere tsjerke, mar de minsken wiene hertlik en gemoedlik. En de dumny wie in minskemins: each foar elk gemeentelid. In tsjerke dy't ik helpe mocht mei it oergean fan Grifformeerd nei PKN. It is de tsjerke wurden der't wy it langst tsjerke hawwe, sa'n 25 jier.

7. En no, no tsjerkje we yn Bûtenpost. Al krapoan tsien jier. It leafst sit ik dan yn de Mariatsjerke. Sa'n moai plakje. Al binne der mar in pear minsken, it sit der goed en smûk. Yn alle stilte kin men dêr ta jinsels en ta God komme.

Mar... No 't ik it rychje sa lâns gean ... as ik myn tsjerkepaad sa oereagje... dan tink ik dochs dat it belangrykste ûntwikkelingsplak fan myn leauwen net in tsjerke west hat. Ik tink it net.

Neist it gesin fan myn âlders ha ik it definitive 'firus' van myn leauwen, tink ik, opdien op de Kristlike PABO fan Snits.

Sels tink ik, dat ik dêr foarme bin ta de man dy't ik no bin. Frysk en leauwich, yn ieren en sinen. Ik bin noch altiten sa bliid dat ik op dy PABO sitte mocht. Want in goeie, feilige, entûsjaste skoalle is foarmjend foar it hiele libben. Nea sil ik de wurden ferjitte, dy't der op de muorre stiene: "Allinne hwa't fan de WEI wit, kin in oar paedwiis meitsje".

Nea sil it de iepeningen op de moandeitemoarn ferjitte. Foar my wie it in grutte lytse skoalle. Sa kinne Tsjerkepaad en Skoallepaad somtiden ien paad wêze.

pbbp2019.